

Tankwurd fan Eppie Dam, útsprutsen troch Lienke Boot

Dêr stean je dan net. Ik sit der mei ferstân nei te sjen, hoe't Lienke wurden útsprekt dy't mij net út 'e mûle komme. Mar noch wol út 'e pinne. Ik jou myn 'ik' oer oan har, en hie dit tsjin jim sizze wold:

“Achte oanwêzigen. Graach begjin ik myn tankwurd mei in koart gedicht fan Cees Buddingh’, ferstoarn yn 1985. Nederlâns dichter, poëzykenner, anglofyl en Shakespeare-fertaler:

*ik heb nooit hard gelopen
om dichters te ontmoeten
maar mij wel vaak buiten adem gefietst
om op tijd bij een voetbalwedstrijd te zijn*

Op dit momint spilet Balk tsjin Bûtenpost. As ik op myn horloazje sjoch, is de twadde helte krekt begûn. Ik bin bang dat ik dat net mear helje. Der binne in protte dingen dy't ik net mear helje. Leeftyd. Alderdom. En in rare Hampelman yn 't spul. Dy't je leafst op 'e bank hâlde wolle, mar yntusken sintraal op it middenfjild spilet.

As ik myn skriuwen neigean troch de jierren, dan hat it altyd dichtsjen west. Fan myn seisde ôf, oant de dei fan hjoed. Mei útstapkes nei ferhalen, berneboeken, liturgyen, kollums en kantates. Mar altyd kaam ik by de poëzy werom. Ien moat it suverste ferwurdzje, tagelyk it bitterste – al fier foar't Hampelman yn byld wie. Neakener as de dichtkeunst is der net.

It programma wol dat ik minsken betankje. Hoewol't ik net fan it protokol bin, wit ik wier wol wa't ik neame moat.

Tank, deputearre Sietske Poepjes, dat jo yn Sleat út in moaie slide staptten, mei in doaze gebak en grut bosk blommen. Twa wiken dêrfoar wie it ek al te rêden yn 'e Menno van Coehoornstraat. Auto's fan de Postcodeloterij: 8556 AR – ik sis meastal: Altijd Raak. Nee, gjin lot. Myn haadpriis wie noch ûnderweis. Jó haadpriis, achte Sietske, soe noch wurde kinne: nooit wer nifelje oan in ynstitút. En wolle jo ferbouwe, meitsje dan fan de grutte 'Gysbert' miskien noch mar in oeuvrepriis. Jo hearre wol myn twifel, want dan moat alles oer de kop.

Tank, leden fan de sjuery, foar it hifkjen fan myn wurden. Dêr't ik lang en slim oer neitocht ha, om te soargjen dat se dogge wat ik sis. It sil jim net ferbaze, jim binne yn myn eagen mear as kompetint.

Tank, oare nominearden: Elske, Albertina, Wilco en Abe. Tank foar jim unike bydrage oan de Fryske poëzy. It bliuwt in dûbele handicap. En sorry dat ik hjir stean.

Tank, al myn foargongers, dichters en dichterssen fan namme, al of net ferbûn oan dizze priis. Ik wit wêr't ik it weiha. Dat witsto ek, Bert Looper fan Tresoar, direkteur fan ús histoarje, skathâlder fan ús rike literatuer. Tank foar dyn laudatio. It klinkt as promovearjen.

Tank, útjouwer dy't net mear bestiet, tank foar it publisearjen fan myn bondel. Ik hoopje dat it iene losstiet fan it oare. Tank, útjouwer dy't it oernaam, en der alles oan dien hat om in twadde printing klear te krijen. Ik bin jim tige erkentlik.

Tank, myn neisten fan beide kanten, tank foar de brede steun yn 'e rêch. Ik neam jim net allegear by namme; wês der wis fan dat jim wol yn myn gedachten binne. Tank Coby, foar dyn meireizgjen, fjirtich jier lang – do witst wat in getal betsjut. En Ankemarije, letterfamke, tank dat *Fallend ljocht* foar my bysûnder wurden is, yn kombinaasje mei Lienke har walnút.

Dy iepenbrutsen walnút is it ferhaal fan dizze bondel. It ferhaal fan dingen dy't útinoar falle, mar ynwindich noch in ienheid binne. Der rint in skieding troch myn libben, troch myn binning mei tsjerke, en ergens troch myn poëzy. It jier 2004 hat in brekpunt west, mei de ferskinning fan *Neigeraden it noarden*. Tank, Goaitsen van der Vliet. It jier 2014, mei *Fallend ljocht*, waard wûnderlik genôch noch wer in nij fertrekpunt.

Minder swier wage dingen dy't je oer komme, yn fergeliking mei dingen dêr't je sels foar kieze. Yn beide moatte je fierder. Uteinlik giet it op it middenfjild altyd om it kreëarjen fan romte. Hoe't it ek wêze mei, as dichter kaam ik nei de iuwwiksel yn myn twadde helte. Better as de earste, mar dy is dêrom net wei.

Ik hoopje dat Balk no gelyk makket, want Bûtenpost liicht der net om. Al kin der yn blessueretiid noch hiel wat gebeure, sa wit ik út ûnderfining. Ik tankje de Ivige, dat er safolle tiid bylutsen hat.”

Daar sta je dan niet. Ik zit er met verbazing naar te kijken, hoe Lienke woorden uitspreekt die ik niet uit m'n mond krijg. Maar nog wel uit m'n pen. Ik draag mijn 'ik' over aan haar, en had dit tegen jullie willen zeggen:

“Geachte aanwezigen. Graag begin ik mijn dankwoord met een kort gedicht van Cees Buddingh’, overleden in 1985. Nederlands dichter, poëziekenner, anglofiel en Shakespeare-vertaler:

*ik heb nooit hard gelopen
om dichters te ontmoeten
maar mij wel vaak buiten adem gefietst
om op tijd bij een voetbalwedstrijd te zijn*

Op dit moment speelt Balk tegen Buitenpost. Als ik op m'n horloge kijk, is de tweede helft net begonnen. Ik ben bang dat ik dat niet meer haal. Er zijn veel dingen die ik niet meer haal. Leeftijd. Ouderdom. En een rare Houthakker in het spel. Die je het liefst op de bank zou houden, maar intussen centraal op het middenveld speelt.

Als ik mijn schrijven naga door de jaren, dan is het altijd dichten geweest. Vanaf m'n zesde, tot de dag van vandaag. Met uitstapjes naar verhalen, kinderboeken, liturgieën, columns en cantates. Maar telkens kwam ik bij de poëzie terug. Iemand moet het zuiverste verwoorden, tegelijk het bitterste – al ver voor de Houthakker in beeld was. Naakter dan in de dichtkunst kun je niet zijn.

Het programma wil dat ik mensen bedank. Hoewel ik niet van net protocol ben, weet ik heus wel wie ik moet noemen.

Dank, **gedeputeerde Sietske Poepjes**, dat u in Sloten uit een mooie slee stapte, met een doos gebak en een grote bos bloemen. Twee weken daarvoor was het ook al feest in de Menno van Coehoornstraat. Auto's van de Postcodeloterij: 8556 AR – ik zeg meestal: Altijd Raak. Nee, geen lot. Mijn hoofdprijs was nog onderweg. Uw hoofdprijs, waarde Sietske, zou nog kunnen worden: nooit weer knutselen aan een instituut. En als u per se wil verbouwen, maak dan van de grote 'Gysbert' misschien nog maar een oeuvreprijs. U hoort wel mijn twijfel, want dan moet álles op de schop.

Dank, **leden van de jury**, voor het wegen van mijn woorden. Waar ik lang en diep over nagedacht heb, om te zorgen dat ze doen wat ik zeg. Het zal je niet verbazen, jullie zijn in mijn ogen uiterst competent.

Dank, **mede-genomineerden**: Elske, Abertina, Wilco en Abe. Dank voor jullie unieke bijdrage aan de Friese poëzie. Het blijft een dubbele handicap. En sorry dat ik hier sta.

Dank, **al mijn voorgangers**, dichters en dichtersessen van naam, wel of niet aan deze prijs verbonden. Ik weet waar ik het vandaan heb. Dat weet jij ook, **Bert Looper van Tresoar**, directeur van onze historie, schatbewaarder van onze rijke literatuur. Dank voor je laudatio. Het klinkt als promoveren.

Dank, **uitgever die niet meer bestaat**, dank voor het publiceren van mijn bundel. Ik hoop dat het ene losstaat van het andere. Dank, **uitgever die het overnam**, en er alles aan gedaan heeft om te zorgen voor een tweede druk. Ik ben jullie zeer erkentelijk.

Dank, **mijn naasten van beide kanten**, dank voor de brede steun in de rug. Ik noem jullie niet allemaal bij name; ga ervan uit dat jullie in mijn gedachten zijn. Dank **Coby**, voor je meereizen, veertig jaar lang – jij weet wat een getal betekent. En **Ankemarije**, lettermeisje, dank dat *Fallend Ijocht* voor mij bijzonder is geworden, in combinatie met de walnoot van Lienke.

Die gekraakte walnoot is het verhaal van deze bundel. Het verhaal van dingen die uit elkaar vallen, maar inwendig nog een eenheid vormen. Er loopt een scheiding door mijn leven, door mijn binding met de kerk, en ergens door mijn poëzie. Het jaar 2004 is een breekpunt geweest, met de verschijning van *Neigeraden it noarden* [Naargelang het noorden]. Dank, **Goaitsen van der Vliet**. Het jaar 2014, met *Fallend Ijocht*, werd wonderlijk genoeg nog weer een nieuw vertrekpunt.

Minder zwaar wegen dingen die je overkomen, in vergelijking met dingen waar je zelf voor kiest. Met beide moet je verder. Uiteindelijk gaat het op het middenveld altijd om het creëren van ruimte. Hoe het ook zijn mag, als dichter kwam ik na de eeuwwisseling in mijn tweede helft. Beter dan de eerste, maar die is daarom niet weg.

Ik hoop dat Balk nu gelijk maakt, want Buitenpost is altijd lastig. Al kan er in blessuretijd nog veel gebeuren, zo weet ik uit ervaring. Ik dank de Eeuwige, dat hij zoveel tijd heeft bijgetrokken.

Dank u wel.”